

Wy kinne, foarsichtich, wer los.....

18 augustus hiene wy in warming-up fan it nije seizoen, blommen plukke by Jehannes en Els, bakje kofje as tee mei wat lekkers en fansels, efkes byprate.

Dêrnei waarden wy wat hinne en wer slingere tusken ús takomstplannen, kinne wy wol as net wat organisearje?

Mar no geane wy dan dochs foar de trochstart ☺

In het Lokaal hoeven wij de 1,5 meter niet te handhaven.

Heb je klachten, blijf dan thuis.

Schud geen handen, nies of hoest in je elleboog.

Wij geane út fan de eigen ferantwurdlikens fan ús leden.

Ek bliuwe wy foarsichtich, dêrom organisearje wy de earste aktiviteiten op meardere tiden en freegje wy jim om jim op te jaan, mei de tiid/dei wannear't jim komme wolle. Sa foarkomme wy dat it Lokaal te fol wurdt.

Gearkomsten

Yn oktober begjinne wy mei **in film: 'The secret: dare to dream'**

Miranda Wells is een hardwerkende weduwe die er moeite mee heeft om haar drie kinderen alleen op te voeden. Een krachtige storm brengt een grote uitdaging en een mysterieuze man, genaamd Bray Johnson, in haar leven. In slechts een paar dagen zorgt de aanwezigheid van Bray ervoor dat haar gezin weer opbloeit. Maar Bray heeft een geheim en dat kan ervoor zorgen dat alles verandert.

Met onder meer: Katie Holmes, Josh Lucas en Jerry O'Connell

Dizze film wurdt fertoand op **tongersdei 28 oktober, middeis om 14.15 oere en freed 29 oktober, jûns om 19.45 oere.**

As jim komme, graach efkes opjaan by Wilma fia de mail of app as belje nei 06 40 94 04 44

Yn novimber ha wy de froulju fan **Grannies2granniesFriesland** útnoege.

- Grannies2GranniesFriesland is een werkgroep bestaande uit 11 grootmoeders.
- Wij zijn onderdeel van Stichting ter ondersteuning van Pefo Uganda.
- Wij steunen een organisatie in Oeganda, Pefo Uganda genaamd die zich richt op ondersteuning, empowerment en economische zelfstandigheid van grootmoeders

die de permanente zorg hebben voor meerdere kleinkinderen en vaak in hutjes wonen die elk moment kunnen instorten.

- Wij proberen geld bij elkaar te krijgen om huisjes te financieren voor deze grootmoeders, zodat ze op een menswaardige manier kunnen leven.

Mear ynfo kinne jim fine op <https://grannies2granniesfriesland.nl/>

Sy komme twa kear en wol op **moandei 22 novimber, middeis om 14.15 oere en jûns om 19.45 oere**. Sy nimme ek guod mei wat jim keapje kinne. Liket jim dit wat, ferjit dan de beurs net. Ek foar dizze gearkomste graach efkes oanjaan as jim komme wolle, by Wilma.

Workshops

Slinger fan 5 puntige origamystjerren
Op woansdei 3 novimber fan 3 oant 5 oere
Kosten € 5,-
Opjefte: giestmei@hotmail.com
Plak: Yn it Lokaal of by Els



Kryststâl fan wyn- en sjampanjekurken
omklaaid mei filt

Op woansdei 15 desimber fan 3 oant 5 oere
Kosten € 5,-
Opjefte:
giestmei@hotmail.com
Plak: Yn it Lokaal of by Els



Wat ha wy oant no ta dien?

Lokkich hat **de lêsgroep** yn oktober ek wer by elkoar west, it lêste boek wat besprutsen is, wie Confettiregen van Splinter Chabot, in oanrieder.

De fytters ha net folle mei elkoar fytst, **de swimmers** swimme noch wol moai troch en ek **de stokjerinners** ha al wer hiel wat kilometers ôflein (sjoch fierderop yn dizze nijsbrief)

De lêste moaie neisimmer-moandei gong de reis nei de Ienswei foar in lekker bakje en in moai bosk blommen.

De **skriuwgroep** komt 11 oktober wer by elkoar, sy ha der ek wer sin oan!

Nei in noflike middei by Minke yn de tún sille de **quiltfroulju** ek wer los.

De data binne moandei 4 oktober, 1 novimber, 3 jannewaris, 7 febrewaris en 7 maart, middeis fan 15 oant 17 oere yn it Lokaal.

De quiltsters sette útein mei it meitsjen fan in heafaam, mei bypassend guod.

De heafaam (Hooimadam, Slow cooking bag) is in fariant op de heakiste.

Duorsum itenside, enerzjy sunich, de gerjochten wurde stadichoan gear en smeitsje dêrtroch lekkerder.

Moarns alles klearmeitsje en yn de heafaam sette betsjut by thúskomst lekker ite.

Ek oesa geskikt foar it meitsjen fan yoghurt.

Ha jim ek nocht om mei te dwaan?

Nim dan efkes kontakt op mei Itteke (601964) of Minke (601601)



Rabo ClubSupport

Bij Rabo ClubSupport gebruikt de bank een gedeelte van de winst om clubs financieel te ondersteunen. Want iedereen verdient een club.

Als lid beslis je mee welke clubs de bank dat steuntje in de rug geeft.

Afgelopen week heeft Wietske onze vereniging aangemeld voor Rabo ClubSupport.

Fijn dat je dit weer gedaan hebt Wietske!

Van 4 tot en met 25 oktober 2021 kun je, als je lid bent van de Rabobank, jouw stem uitbrengen op je favoriete club of vereniging. Dit jaar kun je stemmen op 3 deelnemende clubs. Hiervoor kies je de betreffende club, het liefst natuurlijk ook de Vrouwen van Nu Reduzum e.o. en bevestig je daarna je stem.

Onze afdeling is herkenbaar aan dit logo:



Us lid Wieke nimt ôfskied as koster

Op snein 26 septimber waard yn de Redúster tsjerke ôfskied nommen fan Wieke van Dellen dy't hjir yn ús doarp 25 jier koster west hat. Ek hat sy earder as jeugdâlderling en sneinskoallejuf o sa aktyf west.

In soad doarpsgenoaten sille dat noch wol witte, benammen de moaie reiskes nei Appelskea, soms wol mei fyftich bern. Dêr binne hiel wat pankoeken bakt!

Wieke krige út hannen fan Siep van Lingen, scribe fan de tsjerkeried fan de Herfoarme Gemeente Reduzum- Idaard-c.a. in oarkonde en in gouden spjelde útrikt foar al it wurk dat sy ferset hat, it PKN insigne foar 25 jier kosterkip.

Els en Baukje wiene by de útrikking oanwêzich út namme fan de Vrouwen van Nu en namen moaie blommen en wat lekkers foar har mei.

Wieke wie in stille kracht dy't altyd en oeral ynsetber wie. It leafst bleau sy wat op de eftergrûn. Wieke wie der altyd, Wieke hearde der by, sy wie ien fan ús.

Ek as lid fan de Vrouwen van Nu wie sy o sa belutsen by ús feriening, wy koene altyd in berop op har dwaan foar ynformaasje oer de praktyske dingen yn en om it Lokaal.

Alle gear lytse dingen dy't meast gjin namme ha, Wieke soarge der hast as fanselssprekkend foar dat it yn oarder kaam.

Dat wie in hiele steun en dêr binne wy har o sa tankber foar.

Wieke naam dizze simmer ôfskied fan har tsjerkewurk omt sy fan de dokter te hearren krigen hie dat sy de sykte fan Alzheimer hat.

Yn augustus is sy ferhuze nei Friesmastate yn Grou dêr't sy it goed nei it sin hat.



Wieke is fan doel om lid te bliuwen fan de Vrouwen van Nu en wy hoopje har by ús byienkomsten wer geregeld tsjin te kommen.

Der op út mei de stokranners

Yn'e Ljouwerter krante stiet een kuierrûte troch De Sweach (Beetsterzwaag), dat liket de stokranners wol wat!

Moandeitomoarn 6 septimber sette wy mei acht froulju op'e tiid ôf, rjochting De Wâlden. Nei de warming up starte we yn'e Hoofdstraat. Yn park Lyndenstein, in Roodbaard-tún, is no in útstalling oer Van Lyndens erfenis. It ferhaal oer de kunstkolleksje fan Reinhard van Lynden is oan't 24 oktober noch te sjen. Mar Yvonne bringt earst in bewenner yn'e rolstoel nei syn keamer yn Lyndenstein.

Dan giet de kuier fierder troch boskleantsjes tusken de hûzen troch. Dêr groeit de hop en de koetsebei kleuret al moai read. Dêrnei komme we echt yn de bosk. We sjogge in protte stoswammen en oar poddestuolleguod. It begjint al hjerstich te rûken.

Ynienen steane wy foar in breed sânpaad: De Ald Hearewei tusken De Sweach en Lippenhúzen. Hjir sjogge wy "Feroaring fan Lucht", it hûs dat beskreaun stiet yn it boek fan Rink van der Velde.

De rûte giet linksom, mar wy gean de oare kant op: de froulju moatte it Alldjip fansels wol efkes sjen.

Tiid foar pypskoft: wat drinke en Reduster oaljebollen (it is per slot merkemoandei!) En wat hawwe wy der moai waar by!

No komt in spannend stikje yn'e rûte: wy rinne oer de golfbaan fan Lauswolt, wol 100 bunder grut. Gelokkich fleane de golfballen ús net om'e earen.

De heide bloeit hjir noch omraak en it binne moaie sânpaden dêr't wy lâns rinne. Dan folget in stik troch de bosken en sjogge wy Lauswolt al lizzen.

Oan de oare kant fan'e dyk rinne wy it lêste stikje troch de bosk nei Kerkpad-oost. Hjir is de Van Teyens Fundatie, earder in hûs foar allinnichsteande froulju. Tsjintwurdich is it in húsartsenpraktijk.

Wy binne wer op'e Hoofdstraat. Tiid foar kofje! Mar by it restaurant dat wy útsocht ha, is it sa drok dat wy gau in oar plak opsykje. Hjir is de kofje ek goed. Foldien sette wy wer ôf nei Reduzum.

Dizze rûte ek in kear rinne?

Wandelknooppunten 11, 12, 34, 35, 38, 32, 31, 30, Alldjip, 19, 17, 16, 74, 91, 10, 11. Ofstân ûngefear 6 km.

De stokranners (Nordic Walkers) rinne eltse moandeitomoarn.

Start 10

oere op Haadstrjitte 55.

Der kinne mear froulju meirinne, ek sûnder stokken binne jimme wolkom.

Mear ynformaasje by Itteke de Leeuw, till. 0566-601964

